



## Stúdzjedei Obe Postma Selskip

De Fryske essayist, romanskriuwer en dichter Anne Wadman neamde him yn syn blomlêzing oer de Fryske lyryk 'Frieslands dichters' de nestor fan de Fryske dichters. En Maarten 't Hart spruts oer it útsûnderlik hege nivo fan Postma's poëzy yn syn NRC-bydrage 'Op een zondag in mei'. Dizze twa tsjûgen binne represintatyf foar de konstante oandacht foar en de oanhâldende stream publikaasjes oangeande Obe Postma as dichter. Postma, dizze stille en isolearre figuer, dy't de earste winner wie fan de yn 1947 ynstelde Gysbert Japicxpriis fan de Provinsjale Steaten fan Fryslân.

It yn 2006 oprjochte Obe Postma Selskip hâldt op freed 16 novimber 2007 in stúdzjedei oer 'Wijsgerige aspecten van de poëzie rond 1900 in Nederland'. De fiertaal is Hollânsk. De sprekkers binne dr. Gerlof Verwey (Albert Verwey), dr. Odile Heynders (Henriette Roland Holst), dr. Marco Goud (P.C. Boutens), prof.dr. Dick van Halsema (J.H. Leopold), prof.dr. Philippus Breuker (Obe Postma) en dr. Lucien Custers (J.A. dèr Mouw). Begjin 2008 ferskynt in boek, wêryn de lêzingen opnommen binne.

It troch it Obe Postma Selskip keazen tema is yn hege mjitte aktueel. Noch mar koart lyn - yn syn artikel 'Albert Verwey en J. H. Leopold: wonder en waan' – stelde J. D. F. van Halsema dat it, om sicht te krijen op de poëtikale opfettingen rûnom 1900, nedich is út te gean fan trije kearnbegripen, nammentlik fernijing, dekadentisme en symbolisme. De dêrmei oantsjutte ferskynsels meitsje it dekor út, wêrtsjin Obe Postma begûn te arbeidzjen oan in dichterlik oeuvre. Boppedat stie Postma – mei syn sterke ynteresse foar filosofyske streamingen as neo-Kantianisme, Platonisme en Libbensfilosofy (Nietzsche, Simmel) – ûnder de ynfloed fan wat Jan Romein neamde 'het breukvlak' tusken twa ieuwen.

Tsjin dizze eftergrûn is it Obe Postma Selskip bliid jo útnoegje te kinnen foar de stúdzjedei. De kosten binne foar leden fan it Obe Postma Selskip 40 Euro, wylst net-leden 50 Euro betelje. Dielnimmers oan de stúdzjedei ûntfange sûnder fierdere kosten it boek. Opjefte foar dielnimming oan de stúdzjedei by J. Gulmans, Wagnerlaan 7 te Enschede (e-mail: [jan@gulmans.com](mailto:jan@gulmans.com)). Leafhawwers fan poëzij wurdt foar detaillearre ynformaasje ek ferwiisd nei it oktobernûmer fan it tydskrift fan it Obe Postma Selskip 'Wjerklank.'